

# PARSEBERJOCHT

8 jannewaris 2016

## Hynstekeuring en Fri(e)sian Proms live by Omrop Fryslân

Mear as 25.000 besikers út 30 lannen komme tusken 14 en 16 jannewaris nei Fryslân foar de jierlikse hynstekeuring fan De Koninklijke Vereniging 'Het Friesch Paarden-Stamboek' (KFPS). De keuring fan de stamboekhynsten op sneon 16 jannewaris is fan 8.30 oere ôf live te folgjen op Omrop Fryslân Telefyzje en Omroplive.nl. Op freed 15 jannewaris is it konsert Fri(e)sian Proms rjochtstreeks te sjen op Omroplive.nl.

De jierlikse hynstekeuring fan de KFPS is bedoeld as seleksje foar jonge hynsten en keuring fan de goedkarde KFPS-stamboekhynsten. By de bylden fan de hynstekeuring op sneon wurdt live kommentaar jûn troch presintator Gerrit de Boer fan Omrop Fryslân en saakkundige Henk Dijkstra fan 'Het Koninklijk Friesch Paarden-Stamboek'. It kommentaar wurdt ôfwiksele mei ynterviews. Foar bûtenlânske sjoggers is de útstjoering op ynternet te folgjen mei Ingelsk of Dútsk kommentaar. Njonken de keuringen binne der showrubriken te sjen, mar it hichtepunt fan de dei is alle jierren de beneaming fan de 'Kampioen stamboekhynst'. Oan de ein fan de middei wurdt bekend wa't de opfolger is fan de Kampioen fan 2015: Jehannes 484. Dat sil earne tusken 17.00 en 17.30 oere bekend wurde.

Op tongersdei 14 en freed 15 jannewaris fynt it konsert Fri(e)sian Proms plak yn it WTC yn Ljouwert. Mei in miks fan muzyk, bekende artysten, ljocht en fjoerwurk wurdt it in spesjale showjûn. Fansels ûntbrekt it Fryske hynder net yn de show. Omrop Fryslân stjoert Fri(e)sian Proms op freed 15 jannewaris fan 20.30 oere ôf live út op Omroplive.nl.

### Fri(e)sian Proms en Hynstekeuring Live

Freed 15 jannewaris fan 20.30 oere ôf op Omroplive.nl it konsert Fri(e)sian Proms. Sneon 16 jannewaris fan 8.30 oere ôf de hynstekeuring op Omrop Fryslân Telefyzje en [www.omroplive.nl](http://www.omroplive.nl). De hichtepunten fan de hynstekeuring wurde op snein 17 jannewaris om 10.00, 12.00 en 14.00 oere werhelle yn in twa oeren duorjende útstjoering.

Sjoggers kinne sneon reagearre fia sms: 06 20 499 199 en twitter: #HK2016. Mear ynformaasje oer it programma fan de hynstekeuring en Fri(e)sian Proms is te finen op [www.kfps.nl](http://www.kfps.nl).

---

### Noat foar de redaksje

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876 / 06 14 23 98 34 en mei Marijke Akkerman fan KFPS: 06 122 89 683.



# PERSBERICHT

8 januari 2016

## Hengstenkeuring en Fri(e)sian Proms live bij Omrop Fryslân

**Meer dan 25.000 bezoekers uit 30 landen komen tussen 14 en 16 januari naar Fryslân voor de jaarlijkse hengstenkeuring van De Koninklijke Vereniging 'Het Friesch Paarden-Stamboek' (KFPS). De keuring van de stamboekhengsten op zaterdag 16 januari is vanaf 8.30 uur live te volgen op Omrop Fryslân Televisie en Omroplive.nl. Op vrijdag 15 januari is het concert Fri(e)sian Proms rechtstreeks te zien op Omroplive.nl.**

De jaarlijkse hengstenkeuring van de KFPS is bedoeld als selectie voor jonge hengsten en keuring van de goedgekeurde KFPS-stamboekhengsten. Bij de beelden van de hengstenkeuring op zaterdag wordt live commentaar gegeven door presentator Gerrit de Boer van Omrop Fryslân en deskundige Henk Dijkstra van 'Het Koninklijk Friesch Paarden-Stamboek'. Het commentaar wordt afgewisseld met interviews. Voor buitenlandse kijkers is de uitzending op internet te volgen met Engels of Duits commentaar. Naast de keuringen zijn er showrubrieken te zien, maar het hoogtepunt van de dag is ieder jaar de benoeming van de 'Kampioen stamboekhengst'. Aan het einde van de middag wordt bekend wie de opvolger is van de Kampioen van 2015: Jehannes 484. Dat zal ergens tussen 17.00 en 17.30 uur bekend worden.

Op donderdag 14 en vrijdag 15 januari vindt het concert Fri(e)sian Proms plaats in het WTC in Leeuwarden. Met een mix van muziek, bekende artiesten, licht en vuurwerk wordt het een speciale showavond. Natuurlijk ontbreekt het Friese paard niet in de show. Omrop Fryslân zendt Fri(e)sian Proms op vrijdag 15 januari vanaf 20.30 uur live uit op Omroplive.nl.

### Fri(e)sian Proms en Hengstenkeuring Live

Vrijdag 15 januari vanaf 20.30 uur op Omroplive.nl het concert Fri(e)sian Proms. Zaterdag 16 januari vanaf 8.30 uur de hengstenkeuring op Omrop Fryslân Televisie en [www.omroplive.nl](http://www.omroplive.nl). De hoogtepunten van de hengstenkeuring worden op zondag 17 januari om 10.00, 12.00 en 14.00 uur herhaald in een twee uur durende uitzending.

Kijkers kunnen reageren via sms: 06 20 499 199 en twitter: #HK2016. Meer informatie over het programma van de hengstenkeuring en Fri(e)sian Proms is te vinden op [www.kfps.nl](http://www.kfps.nl).

---

### **Noot voor de redactie**

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876 / 06 14 23 98 34 en met Marijke Akkerman van KFPS: 06 122 89 683.



Omrop Fryslân